

Oerienkomst fan opdracht

De partijen:

....., tahâldend/saak dwaand/fêstige yn,
oan de, fierder te neamen 'A' ('de opdrachtjouwer')

en

....., hanneljend ûnder de namme
....., saak dwaand yn, oan de
....., fierder te neamen 'B' ('de opdrachtnimmer')

Overwagende dat:

- B as selsstannich beropsbeoefener ynskreaun is by de Keamer fan Keaphannel ûnder nûmer en as sadanich foar eigen rekken en risiko betelle wurk yn opdracht fan oaren docht, dat net is it ta stân bringen fan in wurk fan stoflike aard, it bewarjen fan saken, it útjaan fan wurken, of it ferfieren of ferfiere litten fan persoanen of saken;
- dat A in opdracht jaan wol oan B yn syn/har rol fan selsstannich beropsbeoefener, dêr't foar A gjin plicht by is om leanheffingen (ynkommensôfhinklike bydrage Soarchfersekeringswet, premys wurknimmersfersekeringen en leanbelesting/premy folksfersekering) yn te hâlden en ôf te dragen/te foldwaan;
- Partijen kieze derfoar om yn foarkommende gefallen de fiktive tsjinstbetrekking fan thúswurkers of lykstelden lykas bedoeld yn de kâsten 2b en 2c Utfieringsbeslút Leanbelesting 1965 en de kâsten 1 en 5 fan it Beslút oanwizing gefallen dêr't de arbeidsferhâlding as tsjinstbetrekking yn beskôge wurdt (Beslút fan 24 desimber 1986, Stb. 1986, 655), bûten tapassing te litten en dêrfoar dizze oerienkomst opstelle en ûnderskriuwe foar't útbeteljen syn beslach krijt;
- deze oerienkomst gelyk is oan de troch de Belestingsjinst op 26 maaie 2021 ûnder nûmer 9052124269-1 opstelde modeloerienkomst;
- dat partijen dêrfoar, fóár begjin fan de betelling fan de beleaning as hjirnei yn kâst 3 neamd, de neikommende opdrachtferienkomst yn de sin fan kâst 400 BW opstelle en ûnderskriuwe.

Komme it neikommende oerien:

Kâst 1 (ynhâld en begjin fan de opdracht)

B ferbynt him om foar A mei yngong fan it neikommende wurk te dwaan:
.....

Kâst 2 (algemiene bepalingen)

- a. B is holden by syn wurk de soarch fan in goed opdrachtnimmer yn acht te nimmen.

- b. B is holden gefolch te jaan oan in op 'e tiid jûne en ferantwurde oanwizing oangeande it resultaat fan de opdracht. Fierder sil B by it útfieren fan de opdracht wêr't dat mar mooglik is rekken hâlde mei ridlike winsken fan A, mits dat nei it oardiel fan B befoarderlik is foar in behoarlike útfiering fan de opdracht. A hat útdruklik gjin sizzenskip over it wurk fan B. B is dus frij om it wurk nei eigen ynsjoch en sûnder tafersjoch of lieding fan A út te fieren. B hat A fan tefoaren witte litten op hokker manier dy útfiering barre sil.
- c. B bringt A direkt op 'e hichte fan de foltôging fan de opdracht, as A dêrfan oars net op de hichte wêze soe. B leit oan A ferantwurding ôf over de manier sa't er/hja oan syn/har opdracht foldien hat. As B ta de lêst fan A jild útjûn hat of foar him krigen hat, leit B dêrfan rekken en ferantwurding ôf.
- d. A ferklearret him der útdruklik mei akkoart dat B ek foar oare opdrachtjouwers wurk docht.

Kêst 3 (beleaning)

- a. Foar it wurk dat dien wurde moat sil A oan B as honorarium/beleaning (eksklusyf btw) in bedrach fan € it oere/it deiskoft/de wurktaak/de moanne/foar de folsleine opdracht foldwaan.
- b. Dat honorarium/dy beleaning sil alle wiken/moannen/oan it ein fan de opdracht troch in faktuer fan B oan A yn rekken brocht wurde. A betellet dy rekken binnen dagen nei faktuerdatum.

Kêst 4 (ûnkosten)

- a. A fergoedet oan B de ûnkosten dy ferbûn binne oan de útfiering fan de opdracht, foar safier't dy net yn it honorarium/de beleaning ynsletten binne en dy yn ridlikens makke binne. Utjeften foar ûnkosten dy't in bedrach fan € te boppe gaan, moatte fan tefoaren troch B foar goedkarring oan A te foarlein wurde. B is holden deugdelijke bewiisstikken fan de makke ûnkosten oan A oer te langjen en dy ta te heakjen by de faktuer neamd yn kêst 3 sub b. De neikommende ûnkosten binne al meinommen yn de beleaning fan kêst 3:
.....
- b. Reiskosten wurde troch A oan B fergoede tsjin in taryf fan € de kilometer. As B gjin gebrûk makket fan in eigen auto, bringt er de werklike reiskosten oan A yn rekken. Dy kosten wurde troch B opnommen yn de faktuer neamd yn kêst 3 sub b.

Kêst 5 (doer en tuskentiidske beëiniging)

As it wurk in kompleet gehiel foarmet:

De oerienkomst einiget fan rjochtswegen op it stuit dat it oerienkommen wurk foltôge is.

As it wurk gjin kompleet gehiel foarmet of om der wis fan te wêzen dat de oerienkomst yn alle gefallen op in bepaalde datum einiget sil, kin de neikommende bepaling opnommen wurde:

De oerienkomst is oangien foar de doar fan dagen/wiken/moannen en einiget fan rjochtswegen op sûnder dat hokfoar opsizzing fereaske is.

As sprake is fan in oerienkomst foar ûnbeskate tiid, of as it winsklik is om in oerienkomst foar beskate tiid of foar in kompleet gehiel iensidich tuskentiidsk beëinige te kinnen:

Beide partijen kinne dizze oerienkomst tuskentiidsk troch skriftlike/elektroanyske opsizzing beëinige mei in opsisteryn fan dagen/wiken/moannen. B is om dy opsizzing net skeaplichtich foar A oer; A is om dy opsizzing skeaplichtich foar B oer foar safier't dat folget út kêst 7:411 BW en mei it achtslaan fan kêst 7:408 lid 3 BW.

Kêst 6 (neiheffing leanheffingen)

Yn gefal fan neiheffing fan leanheffingen, itsij by opdrachtjouwer itsij by opdrachtnimmer, sil de iene partij de oare partij binnen ien wike nei it krijen fan de oanbelangjende oanslach troch in oantekene brief op 'e hichte stelle, sadat beide partijen har finansjele belang by it yntsjinjen fan in beswierskrift safolle mooglik boargje kinne. Sy sille har manier fan hanneljen yn dat ferbân safolle mooglik ûnderelkoar ôfstimje.

Kêst 7 (algemiene betingsten)

- a. Op dizze oerienkomst binne fan tapassing de algemiene betingsten fan (A of B), ferzje d.d. (eventueel: deponarre by de Keamer fan Keaphannel ûnder nûmer). (A of B) hat in eksimplaar fan dy betingsten fóár of by it sluten fan deze oerienkomst oan (B of A) oerlange/elektroanysk ta beskikking steld en (B of A) hat fóár of by it sluten fan dizze oerienkomst foldwaande fan de ynhâld fan dy betingsten kennis nimme kinnen.
- b. De ynhâld fan dizze oerienkomst giet foar, as en foar safier't de algemiene betingsten bepalingen befetsje dy stridich binne mei bepalingen yn dizze oerienkomst, en ek as en foar safier't yn dizze oerienkomst eksplisyt fan ien of mear bepalingen fan dy algemiene betingsten ôfwykt wurdt. De algemiene betingsten meie gjin bepalingen befetsje, dy't yn striid komme mei it ontbrekken fan de mooglikheid fan A om lieding te jaan en tafersjoch te hâlden op it wurk fan B, lykas bedoeld yn kêst 2 ûnder b fan dizze oerienkomst.

Kêst 8 (oanfoljende bepalingen)

Yn ôfwiking fan of yn oanfolling op de tapaslike algemiene betingsten lykas hjirboppe tsjut yn kêst 7, sub a, komme partijen it neikommende oerien:

.....
.....

Kêst 9 (rjochtskar)

Op dizze oerienkomst is it Nederlânske rjocht fan tapassing.

Sa yn twafâld opmakke en ûnderskreaun yn op 20.....

A (opdrachtjouwer)

B (opdrachtnimmer)

.....

.....